

It hûs fan Simen

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 189 9

1e druk 2019

© 2019 Marianna van Tuinen

Fryske oersetting: Ytsje Steen

www.mariannavantuinen.nl

Utjouwerij Elikser

Oksekop 4

8911 LE Ljouwert

www.elikser.nl

www.mariannavantuinen.nl

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra



Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige, opslein yn in automatysarre gegevensbestân en/of iepenbier makke wurde troch de wei fan druk, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de auteur en de útjouwerij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.





It hûs fan Simen



Marianna van Tuinen



Simen Slak is grutsk op syn hûs.
Foaral op de bûtenkant.
Binnen is it mar saai, fynt Simen, as er jûns yn syn hûs krûpt om
te sliepen.
Einliks moat der yn it hûs wat fleurichs komme. Wat fijns.
Wol moai, mar net al te grut, want dan kin er der sels net mear by.
It moat wat wêze om oer dreame te kinnen.
Mar wat?
Ik kom it fansels wol in kear tsjin, tinkt er.
Fleurich glydt er it bosk yn.
Mei in slakkegonkje.
En op syn rêch? Dat liket wol in minskehûs.







Dêr sitte syn slakkefreonen.

‘Wêrom is dyn hûs toch sa oars?’ freegje se.

‘Ik wit it net,’ antwurdet Simen. ‘Ik dreamde der altyd fan en doe groeide it sa.’

‘Hasto noch mear fan dy grappige dreamen, Simen?’

‘Jaseker! Dat ik superfluch krûpe kin. Dan gean ik hiel fier fuort. Noch fierder as ús bosk.’

Se moatte allegear laitsje.

‘Haha, flugge slakken besteane net.’

‘Toch dream ik dêrfan,’ seit Simen.

Glimkjend skufelet er fierder.

It is moai dat ik freonen haw, tinkt er.







Elkenien ken Simen.
Hy is freonlik. En net ien hat sa'n bysûnder hûs!
De dieren fertelle him oer harren aventoeren yn it bosk,
want Simen kin hiel goed lústerje.
Se meitsje ek faak grapkes meielkoar.
'Even race, Simen? Wa't it earst thús is!' ropt Gido Skyldpod.
'Ik haw it wûn!' ropt de slak. 'Ik bin altyd thús!'
'O ja, ik ek!' ropt Gido.
Se skatterje fan it laitsjen.
It is in fleurige boel, dêr yn it bosk.
Mar op in dei gebeurt der wat begrutliks ...







Nelis Klyster is biten troch in kat!
Hy kin noch mar op ien poatsje stean.
'Ik bin sa bang dat ik noait mear rinne kin!' pipet Nelis.
'Och, wat aaklich foar dy!' ropt Simen.
Hy wol Nelis graach helpe, mar hoe?
In fûgelpoatsje reparearje kin er net.
'Witst wat? Lis dyn soargen mar yn myn hûs! Dan hasto der
gjin lêst mear fan.'
Dat wol Nelis wol!
Mar ... hóé moat er dat dan dwaan?

